



't Boaskjen fan jongelju 3

is swiet as it giet mei âlderried

TYPE AKTIVITEIT

Diskusjearje oer stellingen, sprekwurden oanfolje

TEMA

Famylje, leafde, it libben rûn

OANTAL DIELNIMMERS

1-5

DOER

60+

PERIOADE

Kies út: 1940-1949, 1950-1959

SLÛT OAN BY

Alde Leafde, it ferhaal oer Tryntsje en Teake Posthumus

Sjoch foar mear ynformaasje op de webside datwiedoesa.nl

In eigen húshâlding

Tryntsje en Teake hawwe in protte stipe oan harren famylje. Famylje kin in boarne fan freugde en waarmte wêze, mar ek fan argewaasje. Krekt troude stellen begripe famyljeleden faak wol en oarsom ek, mar net altyd. De ôfrûne desennia hat der in trend west nei yndividualisearring. Dy trend liket no werom te kommen.

Doel fan dizze aktiviteit is om te diskusjearjen oer famylje en leafdes. It hoecht net perfoarst oer eigen ûnderfinings te gean. It kin ek gean oer opfettings en algemiene trends.

Aardich om te witten:

Om 1950 hinne wie it tal fjouwerkante meters bewenbere flieroerflakte per ynwenner in fjirdepart fan it tal bewenbere fjouwerkante meters per ynwenner yn it jier 2000.

Yn de earste jierren nei de oarloch ferplichte de oerheid minsken dy't in grut hûs hiene om minsken dy't gjin hûs hiene by harren ynwenje te litten.

Ut sifers fan it CBS docht bliken dat froulju earder it hûs út geane as manlju. Op 23-jierrige leeftyd wennet de helte fan de manlju noch thús tsjin in fjirde fan de froulju.



Hans en Gaatske de Jong op 26 april 1961, harren troudei. De foto is makke by de krudenierswinkel yn Drachtsterkompenje.

Hans en Gaatske wurde de earste tritich jier nei harren trouwen eigeners fan de krudenierswinkel. Hans syn beppe is eartiids mei it winkeltsje begûn, dat yn de santiger jierren bot fertimmere wurdt en letter de namme Supermarkt Hans de Jong kriget.

Alde Leafde



leafdesbrieven 1940-1975

Yn Alde Leafde binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten. Fan alle brieveskriuwers is ek in koart libbensferhaal te lêzen en it gehiel is oanfolle mei de troufoto's út dy tiid.





't Boaskjen fan jongelju... 3

OPDRACHT 1

Diskusjearje oer stellingen

TARIEDING

- Kopyen meitsje

WAT JO NEDICH HAWWE

- In kopy fan it ferhaal fan Teake en Tryntsje Posthumus
- In kopy fan de stellingen
- Eventueel pinne en papier

OPDRACHT 2

Sprekwurden (minimaal fiif minuten, op syn heechst in healoere)

TARIEDING

- Kopyen meitsje

WAT JO NEDICH HAWWE

Foar elke dielnimmer:

- In kopy fan de sprekwurden dy't oanfolle wurde moatte

Opdracht 1

Diskusjearje oer stellingen

Aktiviteit

Lit de dielnimmers it ferhaal en de brief fan Teake en Tryntsje lêze. Of lêz it ferhaal sels foar of lit ien fan de dielnimmers it foarlêze.

1. Lit de dielnimmers stimme oer de earste stelling. Tel de foar- en tsjinstimmen.
2. Lit de dielnimmers harren miening taljochtsje. Stel fan tefoaren fêst hoefolle tiid elkenien dêrfoar kriget en hâld dy tiid ek by.
3. Lit de dielnimmers op elkoars taljochting reagearje.

Stellingen:

- Men moat jin noait bemuoie mei de leafdes fan jins bern
- In jong stel moat net by de (skoan)âlders yn hoege te wenjen
- Praktyske en finansjele help fan âlders is ûnmisber foar krekt troude stellen
- Sûnt de krisis is famylje hjoed-de-dei wer like belangryk as foarhinne foar jongelju dy't it hûs út geane.

Opdracht 2

Sprekwurden

Aktiviteit

Lit de dielnimmers it ferhaal en de brief fan Teake en Tryntsje lêze. Of lêz it ferhaal sels foar of lit ien fan de dielnimmers it foarlêze.

1. Freegje de dielnimmers oft se ûndersteande sprekwurden en útdrukkingen oanfolje kinne en oft se de betsjutting witte.
It boaskjen fan jongelju is swiet ...
De moaiste apels ...
In man sûnder frou ...
In memme-each ...

Antwurden:

It boaskjen fan jongelju is swiet as it giet mei âlderried
De moaiste apels lizze foar it finster
In man sûnder frou is in himd sûnder mouwe
In memme-each sjocht skerp

2. Freegje dan oft de dielnimmers noch mear sprekwurden/ útdrukkingen kenne oer de leafde of oer famylje.

Sprekwurden oer de leafde

As it jildponkje it boaiemke sjen lit, naait de leafde út
Frijers hawwe gjin knoop yn 'e pong
In minske allinne is as in sniebal foar de sinne
In frouljusrok lûkt mear as in span hynders
It is klearebare leafde, sei de boer, doe tute er in keal op it bil

Sprekwurden oer famylje

It aai wol wizer wêze as de hin
Litte jo bygelyks de famylje foar jo jierdei witte:
'wa't komt is wolkom en wa't net komt ek?'
Wat sjonge en omdangelje en net folle wurk dwaan:
't is in wyldsang mei dy
Sa't it klokje thús tikket, sa tikket it nearne